Laudatio foar Froukje de Vries, lofprizing fan har wurk foar it ûnderwiis yn it Frysk

Utsprutsen op 13 novimber 2014 troch Tom Dykstra, foarsitter fan de FFU

Froukje, it docht ús tige deugd dat wy as bestjoer fan de *Feriening Frysk Underwiis* dy hjoed by it 11de kongres fan de seksje Frysk fan *Levende Talen* ús fjirde eare-oarkonde útrikke kinne. Trije tige fertsjinstlike Friezen binne dy al foargongen. Wy binne fan betinken datsto dy oarkonde ek mear as fertsjinne hast.

Al ier bisto begûn mei it krewearjen foar ús taal. Benammen op *Skoalle Lyndensteyn* en as lesjouster by de *Afûk*. Healwei de 70'er jierren fan de foarige ieu krigesto der as fan hûs-út-Frysktalige niget oan om it Frysk ek skriftlik goed yn de macht te krijen. Do hast by de Afûk it hiele kursustrajekt foar Frysktaligen, fan leargong A oant en mei de Fryske Akte en it Didaktysk Foech, mei sukses ôfrûn. Al daliks joechst - en joust noch - mei grutte nocht, fjoer en mei entûsjasme Afûk-kursussen, benammen foar net-Frysktaligen. Dêrby bisto hiel ynventyf om it sa noflik en motivearjend mooglik foar harren te meitsjen. Dêr giet folle mear tariedingstiid ynsitten as ornaris frege wurde mei. De kursisten wurdearje dat en meie graach oer dy.

Dat jildt ek foar de learlingen fan *Skoalle Lyndensteyn* te Beetstersweach, in skoalle foar bern mei lichaamlike en gauris ek geastlike beheinings. Oan dy skoalle bist sûnt 1973/1976 ferbûn. Omdat de skoalle yn de rin fan de tiid twatalich waard, koest ek hiel goed ynskeakele wurde by de Fryske lessen. Mei de Afûk-akte as bewiis fan bekwamens, waardst sûnt 2001/2002 sels learkrêft Frysk op alle ôfdielings foar fuortset ûnderwiis op dy skoalle.

Yn dat ramt bisto aloan dwaande mei fernijing en ferbettering fan dyn ûnderwiis en besikesto benammen ek de *iPad* in folweardich plak te jaan yn dyn lessen. In hiel grut part fan dyn frije tiid giet deryn sitten om dy ta te rieden en saken op dat mêd mei te ûntwikkeljen. Do bist in pionier op it mêd fan it ûnderwiis yn it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis. Op dat stik komt net ien yn Fryslân op it stuit oan dy ta.

Wa't tinkt dat wy oerdriuwe, soe it artikel oer '*iPads foar de Fryske les op in skoalle foar spesjaal (fuortset) ûnderwiis*' ris lêze moatte, dat ferline jier by de stúdzjemiddei fan de Seksje Frysk (fan de VLLT) '*Fierder mei Frysk (10)*' útrikt is. It wiidweidige stik is (ek) oan te klikken op it webstek fan de FFU. Elts kin dan it antwurd fine op de fraach wêrom't wy it nedich achten om dy hjoed ús eare-oarkonde út te rikken. Wy kinne dat op dit plak yn de koarte tiid dy't ús jûn is, lang net allegearre opneame.

Sels asto thús siik op bêd leist, kinst de Fryske les mei help fan de *iPad* noch oan de gong hâlde en kinst thús oan de learlingen opdrachten jaan en de makke lessen neisjen. Wy fine dat bûtengewoan, ja, bjusterbaarlik. Wy hawwe grutte bewûndering foar dyn ynset en folhâlden en foar al dy frije tiid dy'tst der jierrenlang ynstutsen hast en ynstekst. Dat freget om erkenning.

Do witst dyn learlingen altiten wer yn harren eigen nije ûntwikkelingssône te bringen. Se sjogge út nei dyn lessen en roppe dy dat somtiden op de gong al ta! Dat jout dy in waarm gefoel. Dat ynspirearret dy om troch te gean mei fernijing en ferbettering fan it ûnderwiis yn de Fryske taal, kultuer en skiednis. Wat is der net allegearre mooglik yn it spesjale ûnderwiis as der ris echt kapabele, Fryskkundige lju foar de klassen kamen te stean? Oan de bern sil it dan perfoarst net lizze!

It is net te hoopjen dat wý allinnich dyn fertsjinsten opmurken hawwe, mar dat se by de provinsje en oare ynstellings dy't wat mei kearndoelen, learplannen en learmiddels te krijen hawwe, mei gauwens likegoed dogge.

Froukje, wy hoopje datst noch in lange rige fan jierren yn sûnens foar dyn neisten, foar ús en foar it Frysk bewarre bliuwe meist. **Fan herten lokwinske!**